

YN 'E HûD FAN 'E FûGEL

een interview met Theunis Piersma

interview, Freek Nijland en Popke van der Zee
foto's, Dick Goslinga

Eind vorig jaar ontving Theunis Piersma de Herman Klomp-prijs voor zijn ornithologisch werk en in het bijzonder voor het artikel 'Hink, stap of sprong? Reisbeperkingen van arctische steltlopers door voedselzoeken, vetopbouw en vliegsnelheid' in *Limosa*, 1987. Het artikel geeft een duidelijk en origineel overzicht van feiten en inzichten over de steltloper trek en de factoren, die daar op van invloed zijn. Theunis Piersma werd 15-6-1958 geboren in Hemelum. Na het Atheneum in Sneek ging hij in 1976 biologie studeren in Groningen. Na dienstweigering en enkele jaren 'biologenwerkeloosheid', werkt hij nu op het N.I.O.Z., het Nederlands Instituut voor Onderzoek van de Zee te Texel. Hij doet (promotie)onderzoek naar de energiehuishouding (eten en poepen) van de Kanoetstrandloper. Theunis Piersma is tevens één van de initiatiefnemers van de steltloperexpedities naar Afrika. Wij wilden meer van hem weten en zochten hem op.

Op 18 april kwamen we met de boot van 11 uur aan op Texel. Ons eerste interview! Na een kwartier bemerkten we dat het N.I.O.Z. vlak bij de haven ligt. Theunis Piersma was de afspraak niet vergeten en sleepte ons enthousiast mee door het instituut en over het eiland, waar wij met schrik zagen hoe de bollenvelden oprukken tot vlak aan de rand van de natuurgebieden. Langzamerhand kregen we in de gaten dat deze show mede bedoeld was om het interview te ontlopen. Die vlieger ging echter niet op, hij kon er niet meer onderuit. Het interview vond 's middags plaats bij hem thuis.

Hoe is je belangstelling voor de natuur gegroeid?

"Doe't ik fjouwer wie, woe ik dûmny wurde. Ik tocht dat is moai maklik; mar twa dagen yn 'e wike wurkje. Sneons preek meitsje en sneins yn tsjerke. Mar al mei sels jier wist ik dat ik seebiolooch wurde woe. Dat kaam sa, wy giene simmers altyd nei Súd-Frankryk mei fakânsje en dêr snorkele ik in soad. En ik hearde ferhalen fan in broer fan kunde en dy wie oeanograaf yn Kanada. Ik krige in walfiskbonke út Tuktoyaktuk en doe tocht ik al: dat is't hèn. Al hie ik fansels wol myn twifels fan soe ik dat wol kinne.

Op myn fjirtjende groeide it ûndersyksgefoel. Ik begûn mei fotografearjen en hâlde ek in deiboekje by fan nijsgjirrige waarnimmings. Al gau krige men yn 'e gaten dat ik niget hie oan fûgels dat sadwaande waard ik frege om oan fûgeltellingen mei te dwaan by de Iselmar lâns. Yn 1976 bin ik begûn mei myn stúdzje Biology oan 'e universiteit fan Grins. It lei yn 'e reden dat ik foar Grins keas want dat lei ommers ticht by't Waad en by de see. Earst as studint bin ik yn oanrekking kaam mei de F.F.F. troch mannen as Wibe Altenburg en Meinte Engelmoer fan 'e Waadfûgelwurkgroep. Dy F.F.F. kombinearre eins alles wat moai wie, Frysk en Fjildbiology".

Nu je toch het Fries noemt, toen ik je belde voor een interview, wilde je persé in het Fries



Theunis Piersma, waddendijk Texel

antwoorden. In hoeverre is je natuurbeleving verbonden met de Friese taal en cultuur?

"Dat is ien foar my! De kultuer fan Fryslân is hiel nau ferbûn mei de natuer. Aaisykje, fierljeppen en fûgelje. Ik ha ek wol wat oer my fan dy typyske Fryske streupers- en sneupers-mentaliteit. Ik moat oars net folle fan jagers ha mar ferhalen fan dy âlderwetse fjildmensen en fiskers fyn't machtich. Dat fyn ik ek sa moai oan 'e boeken fan Rink van der Velde. Dy minsken dy't dêr yn foarkomme, kinne suver yn 'e hûd fan 'e fûgel of fan in oar bist krûpe. En

soks sykje ik yn myn wurk as ûndersiker ek, al wit ik wol dat dat nea slagget." *Opvallend is dat hij dit tijdens de rondleiding door het N.I.O.Z. al noemde.* "Sjoch, it is allegear wol hiel moai wat wy hjir dogge mar it leafst soe ik yn dy fûgel sjen wolle. Wat tinkt er en wat fielt oer as er hjir op it Waad omstrûnt."

Het enthousiasme voor zijn werk is heel gevoelsmatig bepaald. "Watst moai fynst komt oan dyn gefoel en dat is slim ûnder wurden te bringen, dat kin ik noch it bêste yn it Frysk wat my ek gefoelsmjittich tige nei leit."

De naam Theunis Piersma is onlosmakelijk verbonden met de Afrika steltloperexpedities. Hoe zijn ze opgezet?

"Ik wit noch krekt wannear't en wêr't dat wie. Ik siet mei Wibe Altenburg en Meinte Engelman yn 'e trein werom fan Ljouwert nei Grins. Dat wie yn jannewaris 1979. Wy kamen werom fan in gearkomste fan it fûgelferbân fan 'e FFF yn it Fries Natuurhistorisch Museum. Doe hiene we it der sa oer dat it wol aardich wêze soe om mei fakânsje nei de Banc d'Arguin ta. It iene helle it oare út en al gau rûnen dy wylde plannen út op in echte ekspedysje. Ron Mes, biologystudint in Amsterdam, kaam der by. Wy kamen yn kontakt mei William Dick en oare lju fan 'e "Wader's Study Group".

Der kaam jild los fan de Nieuwe Revu en der kaam ek stipe fan het Prins Bernhardfonds. Sa sieten we samar yn 'e rûnte fan steltrinnerfanaten (dy minsken binne allegear hartstikke 'goed gek'). Elkenien woe yn dy tiid nei de Banc d'Arguin en men seach eins mar wat raar op dat ús wol slagge wat in soad oaren net slagge wie. Al mei al hat dy earste ekspedysje syn beslach krige yn 1980. It wie geweldich doe't it ienkear safier wie. Letter binne der noch in stikmannich ekspedysjes west: twa nei Sidi Moussa yn Marokko (1981, 1982), dy hawwe wittenskiplik foar't neist noch it measte opsmitten mar binne noch noait goed útwurke. Yn '85 en '86 en op 'e nij yn 1988 nei de Banc d'Arguin yn Mauretanië."



Kanoetstrandlopers

foto Jan van der Kam

Wat is de voornaamste betekenis van de expedities?

"Dy ekspedysjes ha fansels in bulte feitemateriaal opsmitten oer de steltrinner-trekpopulaasjes en de rol fan de 'wetlands' foar de steltrinnertrek. Nederlân is no ek in echt ekspedysjelân wurden en it aardige is dat dit foaral it wurk fan amateur-ornithologen west hat en net fan de ûndersyksinstituten fan namme. It is fansels ek nijsgjirrich dat F.F.F.-ers hjir de oanset ta jûn hawwe."



Theunis Piersma, geïnterviewd door Freek Nijland

Hoe groeide bij jullie het inzicht in de relaties tussen de Waddenzee en de andere wetlands langs de Atlantische kust en de trekkende steltlopers?

"Wy kamen op 'e universiteit yn 'e kunde mei mannen as Leo Zwarts en Cees Swennen, foar ús de "gladiatoren" fan it fiedselûndersyk. Dy ha wol in dúdlike foarbyldfunksje hân, dat wiene mannen dêr seagen je by op. Mar ek in teller en fanger as Piet Zegers en in amateur as Joop Jukema hawwe my tige ynspirearre."

It wie fansels wol bekend dat it Waad in wichtich rêst en fouragearplak is foar alle steltranners. It is in grut gebiet mei in geweldige fiedselrykdom. Mar it is no ek dúdlik wurden dat foar de "springers" (figuur 1) lykas de Reade skries (Rosse grutto) en de Mients (Kanoetstrandloper) it Waad einliks it iennichste plak is dêr't se ferkeare kinne, útwykmooglikheden binne der net."

Waarom heeft nu juist Nederland zo'n vooraanstaande rol in het steltloperonderzoek?

"Yn it foarste plak omdat it Waad tichtby is en der binne dan ek in soad minsken yn Nederlân dwaande mei de steltranners. Wy hoegden de fragen ek net te betinken. Dy wiene der allang. Dêr waard oer praat yn it wykein op 'e

theebesite en yn 'e kroegen. Der is in soarte fan subkultuer ûntstien fan amateur en beropsornithologen dy't inoar oantrúne en stimulearje. It hat wol wat fan de sfear eartiids yn muzykselskippen en jazz-café's. Dy groep is frij grut en konsintrearret him rûn it Zoölogisch Lab yn Grins. Dy minsken binne hiel praktysk ynsteld en dat alles meiinoar makket faaks ek dat Nederlanners it ûndersyk better dwaan kinne en dogge as de yn it sâlt bebiten Frânske wittenskippers. En nim dan ús groepke (Meinte, Wibe en Ron) dat wie in eksplosyf mingsel, in produktive groep minsken. Wy hiene dat súvere, gewoane enthousiasme. Wy hiene einliks wat in hekel oan dy "blasé" beropsbiologen."


Eind 1989 heb je de Herman Klomp prijs ontvangen. Wat betekent dat voor je, voel je je gestreeld?

"Ja fansels fynst dat aardich, dat is miskien net winsklik mar wol minsklik. It jout dy ek it gefoel datst it in bytsje kinst. It is dúdlik in erkenning fan al dat wurk datst mei in soad

ynset dien hast. Ik sjoch my trouwens ek as eksponent fan al dy oare steltrinnerfanaten. Dy priis is ek foar harren." De priis (groot f 2500,- red.) is opgien oan boeken en ik ha ien ynhierd dy't myn argyf wat op oarder brocht hat."

Tot slot, wat vind je van het biologisch onderzoek van FFF-ers of andere amateurs in Friesland? Geef eens wijze raad.

"It is moai dat der yn 'e F.F.F. sa'n soad minsken sa enthousiast dwaande binne mei op himsels ek goed ûndersyk. Mar al dat ûndersyk wurk moat wol knap ferwurke wurde yn publikaasjes; in protte feitemateriaal wurdt ek neat mei dien of bliuwt te lang lizzen. It tellen wurdt pas moai as der in knap ferhaal fan makke wurdt. De ynteraksje tusken amateurs en beropsminsken soe better wêze moatte. Soks kin ferbetterje troch publikaasjes yn tydskriften lykas Twirre en Limosa en net allinich yn rapporten, dat is net in plesierich medium".



Figuur 1. Drie reisschema's voor de voorjaarstrek van kustgebonden steltlopers van West-Afrika naar de noordelijke broedgebieden: hink (bijv. vroeg trekkende Steenlopers), stap (Bonte Strandlopers, Tureluurs) en sprong (Kanoetstrandlopers, Rosse grutto's).

literatuur

T. Piersma, 1987. Hink, stap of sprong? Reisbeperkingen van arctische steltlopers door voedselzoeken, vetopbouw en vliesnelheid. *Limosa* 60, 4: 185-194